LEEUWARDER COURANT
15 februari 2013, pag. 6

dwers

pieterdegroot



Orakel

Hy hie him fergappe op it ministearje fan finânsjes, mar krige ynlânske saken. Dat wie sneu foar de PvdA-yntellektueel Ronald Plasterk, in bèta-man dy't as mikrobiolooch ta Nobel-hichte stiigde, mar ta it ynsjoch kaam dat it gepiel mei mikro-organismen de wrâld net hurd genôch foarút helpt. Of, dat lei faaks mear yn 'e reden, hy fûn dat er himsels net genôch foarút holp, hy woe yn 'e skynwerpers stean. As kollumnist mocht er yn de Volkskrant en it tv-programma 'Buitenhof' al justjes fierder sjen as de platwjirm en de sebrafisk, mar dat wie him net genôch. Hy lange nei it sintrum fan de macht, waard politikus en sels minister.

Hoe stom kin in wittenskipper wêze. Hy tinkt dat no alles mei in praatsje klear is, sa ek de opdracht om de provinsjes yn it lânsdiele-mal te jitten. „We zijn hier al in 2005 mee begonnen, in 2015 zijn de argumenten echt wel een keer gewisseld", seit er (LC

Plasterk praat as in hin sûnder kop

4-2). As hy trochgiet mei praten as in hin sûnder kop, dan jou ik him net folle kâns. Hy orakelet mar ta, oan emoasjes ûnder it folk hat er gjin boadskip: „Daar waarschuw ik de bestuurders voor: speel die kaart niet, want het klopt gewoon niet." Om der fleurich oan ta te foegjen: „Ik kan me wel voorstellen dat een volgend kabinet iets extra's gaat doen, bijvoorbeeld op het gebied van de Friese taal."

In folgjend kabinet? Wat binne dat foar loaze beloften? It foarige kabinet - Donner witte jim noch? – hat tasein risselwaasje te meitsjen mei de Fryske taalwet, dy't de taal oant yn lingte fan jierren yn tal fan domeinen feilich stelle moat, en dit kabinet-Rutte-2 hat de plicht dat as de wjerljocht te regeljen. Mar Plasterk sit der dus net op te wachtsjen. Hoe't er oer it Frysk tinkt, hat er him yn in Buitenhof-kollum alris oer útlitten (1 juny 2000): „Ik heb niets tegen het Fries, als iedereen maar snapt dat het als taal net zo'n sprookje is als de Efteling in het Brabantse Kaatsheuvel."

Irony? 't Mocht wat, sokke humor ûntstiet allinnich mar út in rânestedsk superioriteitsfielen. Jo kinne prate as Brugman of skriuwe as Teake Oppewal, moandei yn de Volkskrant, dêr lizze alle arguminten it tsjin ôf. It is in frijbrief om oer ús hinne te wâdzjen. Wy binne gjin folk dat nei de heafoarke grypt, mar oars... op nei it Malieveld.

> pieterjan.de.groot@lc.nl